



ZON-DAG BOEK

PROTESTANTSE GEMEENTE
Wurdum Fr e.o. 11-11-2018



Tsjinst fan de tarieding

Alderling fan tsjinst Corry Brouwer hyt de tsjerkegongers, de gasten en de minsken dy't meilústerje fan herte wolkom yn dizze Fryske tsjinst. Foargonger is ds. A. Wiebenga fan Snits.

Hy jout oan dat hy it tema 'befrijding' hjoed ferbynt oan St. Maarten, Maarten Luther en ússels.



It iepeningsliet is liet 25A: 1,2. *'Myn eagen binne fêstige op God, oft Hy my rêdt.'*
 Dêrnei folget liet 276:1,2 *'Samar in dak boppe wat*

hollen'.

Yn it gebed om ûntferming wurdt frege oft wy werklik frij wurde kinne. Wy binne frij mar it slagget net altyd om ús sa te fielen. Ek op dizze sneintemoarn kin de spanning fan it wurk noch yn de skouders sitte en sette wy ús al wer skrap foar de wike dy't komt. Hear ûntferm jo oer ús.

Dan sjonge wy Glorialiet 704: 1,2 *'No tankje allegearre'.*

Tsjinst fan de skriften

De earste skriftlêzing is 1 Korinthe 9:19. 'Wylst ik sa frij stean foar alle minsken oer, ha ik mysels slaaf makke om mear minsken te



winnen'.

Twadde skriftlêzing Lucas 8 26-39. Hjiryn moetet in man mei in troeble geast út de stêd, genaamd Legioen, Jezus.

Dêrnei sjonge wy gesang 402: 1,2 en 4 út it âlde Lieteboek *'O Kristefolk, ferbliidzje jim'.*

Preek

Yn de preek wurdt ferteld oer de man dy't Jezus tsjin komt. Hy kin syn hertstocht net yn betwang hâlde, sit oan 'e ketting en skuort him los. Hy kin net libje sa 't it moat. Minsken karre him ôf. Hy docht net lyk as oaren. Mar Jezus ferbrekt syn isolemint.

Maarten Luther kin him fine yn de inerlike striid fan dizze man en soe sizze kinne 'ik bin dy man'. Hy wurdt mar net de mûnts yn it kleaster dy't er wurde moat.

En yn hokker sin soene wy dy man wêze kinne? Wa kin net de striid fan wolle, moatte en kinne? Us Calvinistyske arbeidsetos fan wêrút wy safolle moatte. De ien bloeit by de útdaging mar kinst er ek ûnder gebukt gean. Hieltyd jonger krije minsken in burn out. It hillige moatten is ferankere yn ús hiele kultuer. Wy wolle meitelle en der by hearre. Wolle, moatte en kinne binne wurden dy't ús ûnfrij meitsje kinne.

Jezus makket kontakt mei de ûnreine man en freget 'Wat is dyn namme?' Dat wol sizze ik wol my mei dy ferbine. De ûnreine geast ferlit de man. De Hear hat him sjoen hy mei der wêze. Hy wurdt ûnferwacht befrijd fan de striid wolle, moatte en kinne.

Maarten Luther seit ek 'ik kin net oars'. Wat in moed! Hy kin de autoriteit net akseptearje as it yngiet tsjin de bibel. Hjir stean ik 'ik kin net oars.' In minske is frij om syn ljocht skine te litten ûnder de minsken,

Foar't je it wolle sitte je oan de
ketting en ferfrjemdzje je fan
frijheid en moat je foldwaan
oan wêr't je tinke oan foldwaan
te moatten om't je der oars net
by hearre. Mar jesus seit 'ik ha
dy by dyn namme roppen, do
bist frij!
Amen



Nei de preek is der stilte en oargelspul.

Tsjinst fan de gebeden en jeften.



De blommen geane nei mefrou
Plantinga.
Nije wike is de kollekte foar
Sulawesi.
1^e kollekte: 'kerk in actie,
binnenlands diaconaat'
2^e kollekte: 'kerkelijk werk'.

Gebeden.

Tank foar de leafde dy't
ús frij makket om minsk te
wêzen dy't wy bedoeld
binne te wêzen. Dat wy
net ferfrjemd reitsje fan de
libbenboarne, ûndanks
alles wat beslach leit op ús. Wy slute it ôf mei it
gesammentlike Us heit.



As lêste sjonge wy liet 423: 1,2,3
'Foar alle minsken, ek ûnderweis:
frede en goeds yn elk hûs!
Foar har dy't kamen ûnder dit dak:
Gean mei God!
Vaya con Dios en a Dieu!.'



Nei de
seine
skodzje
wy de
foargonger
en

âlderling fan tsjinst de hân en giet elts wer syn
eigen paad op dizze
snein.



Medewerkers

Voorganger: ds. Wiebenga
Organist: Albert Minnema
Ouderling: Corry Lindeman
Diaken: Nieske Span en Tsjitske Crossen
Koster: Gerrit de Vries
Beamerpresentatie: Steven de Jong

Tekst: JR Foto: MH